

# Romke Toering en it keatsen as teater

Op 'e tuorren fan it Sjûkelân steane de dichtrigels fan Baukje Wytsma: 'Hjir is it keatsen – hjir rekket de bal it hert'.

'Wichtich is net wêr't, mar wannear't de bal it hert rekket', seit Romke Toering, teatermakker (spiler, skriuwer, oersetter, regisseur) en âld-keatser. Yn 1964 wûn er mei broer Arjen en Paulus Zijlstra foar Easterlittens de Freule. It like de redaksje fan De Keatsfreon aardich ta en fernim ris fan him hoe't er as teaterman it keatsen ûndergiet.

*“Wannear rekket de bal it hert,  
dat is de kwestje”*



Aksjefoto fan Romke Toering op de Freulepartij fan 1964.  
(Foto: Ut argyf R. Toering)

Romke Toering (59) ûntskuldiget him yn 't foar: safolle keatspartijen sjocht er net mear. Dat, om yn 'e sfear te kommen, is er op de earste sneon fan 'e hjerstmoanne nei de Noardeasthoeke ôfreizge, om yn Morra-Ljussens de haadklassers yn aksje te sjen. It stie him noch helder foar de geast hoe't yn de jierren tachtich, doe't er as krante- en radioferslachjouwer it keatsen folge, it partoer fan Sake Saakstra, Pyt-Jetze Faber en Johannes Brandsma de taskôgers yn 'e besnijing hie. Hja soargen alle trije foar dy teatrale momenten 'dat de bal it hert rekke'. Sake as opslagger, Pyt Jetze as foar- en Johannes as achterynse

– as se alle trije op dreef wiene, diene se dingen mei de bal dy't har yn it ûnthâld fêstsetten as hichtepunten yn in teaterfoarstelling. Estetyk, spektakel, technysk kinnen, taktysk ynsjoch, alle yngrediïnten foar in 'adembenemend schouwspel' wiene oanwêzich. Boppeslaggen dy't noch echte boppeslaggen wiene, it publyk fearre derfan oerein, likegoed as fan de tûkste staaltsjes tuskenspul, dêr't jo de minsken no faak fergees om smeken hearre. Hoe't Johannes 'op 'e boppe' om meneuelje koe, hy hie de hiele line yn 'e macht. En oars as bygelyks Sake, dy't oerkon-sintrearre yn it magnetysk fjild fan de partij

bleau, stapte Johannes út en troch even linich fansiden om de taskôgers har gerak te jaan. Sels de meast passive taskôger dy't him foarnommen hie net te hantsjeklappen, waard sa meisleurd yn de eufoaryske stemming. As se sa mei in skjinne fiif earsten foar kamen te stean, klage nimmen oer in iensidige partij. De mannen hiene in top-prestaasje levere en it publyk hie in poerbêste foarstelling sjoen.

Romke: 'Om in partij te neamen, dy't by my bliuwend yn it ûnthâld sit: de PC-finale fan 1979, Sake Saakstra, Pyt-Jetze Faber en Flip Soolsma tsjin Jan Vaas, Henk Leeuwen en Tjisse Wallendal. Underdog Wallendal krige mei syn Belgyske mof sels de parse op 'e tribune oerein.'

### Domme-noch-ta

Sa'n sjochspul dat jin de siken benimme kin, is der yn Morra net fan kommen. Ien fan de earste betingsten dêrfoar wie al net oan foldien, seit Romke. De banken om it fjild hinne hearre fol minsken te sitten, en dêrachter moat dan noch op syn minst ien hage fan minsken stean. Dan wurdt it fjild in arena en kin it fan beide kanten, keatsers en publyk, oangean. Mar de opkomst liet grutte gatten falle. 'En wat fuort opfoel, wie dat it spektakulêre net mear spektakulêr wie. Der waard folle mear boppeslein, mar de minsken waarden der net oars fan. Der kaam gjin inkeld iepen doekje. De keatsers hiene ek net folle te keap. In kear as wat waard der 'Allez!' roppen, en it flokken beheinde him ta 'Domme-noch-ta'. Der hat, like it wol, in kealslach plakfûn, de sport is nivellearre. Sa kaam it alteast op my oer. Ik miste de spanning, de hichte- en djiptepunten, en it meilibjen fan it publyk.'

Faaks is dat der allinnich noch by in pear tradisjonele grutte partijen. Yn Frjentsjer, Harns,



Winst op de Freulepartij fan 1964. Flnr: Arjen Toering, Paulus Zijlstra, Romke Toering en begelieder Klaas Timmerman. (Foto: Ut argyf R. Toering)

Bitgum en Ljouwert op Aldehoudei, dêr't it publyk noch yn kloften op tasetten komt. 'De PC is in bûtenkategory, dêr fynt it teater foaral bûten de linen plak. By de Freule yn Wommels falt binnen de linen folle mear te belibjen. Dat komt ek, om't dat noch pubers binne, dy uterje har fûler en ekstremer. Dan is it spul grilliger en dêrtroch spannender. En út teatraal eachpunt ynterressanter.'

Romke wie destiids in keatser mei takomst, mar de lea bejoech it, in stikken skouder. Doe't er de Freule wûn, wie it lijen al begûn. De keatsende dokter Æbe Haima ûntnaam him net lang dernei alle hoop op herstel. 'Dit is it begjin fan de ein',

sei er, der by wize fan treast oan tafoegjend: 'Der binne noch genôch oare moaie dingen.'

Foar Romke waard dat it toaniel. 'Dêr haw ik my doe mear en mear op útlein. Do kinst wol sizze, mei dyselde 'gedrevenheid' as op it keatsfjild. Jo wolle it bêste út josels helje. Wat dat oangiet, haw ik wol in protte hân oan myn ûnderfiningen as jongeskeatser. Fan myn seisde oant myn achttjinde hat myn libben yn it teken fan it keatsen stien. Earst kaam it keatsen en dan de rest, sa wie it. En dat jilde net allinnich foar my. Der wie in hiele mienskip dy't achter ús stie en der belang by hie dat wy wûnen. Dy tarieding op de wedstriid is te fergelykjen mei it tariedingsproses foar in Tryater-útfiering. Dêr ha jo

ek in hiele toanielmienskip om jo hinne dy't him dermei bemuoit.'

'Dy tarieding begjint faak al hiel betiid. Dat wy yn 1964 nei de Freule moasten, dat wisten de lju yn Littens yn 1960 al. Guon hiene yn 1957, doe't Tinus en Piet Santema mei Mient van der Molen de Freule wûnen, wedde: oer tsien jier wint Littens it wer. Dan is de druk grut, mei de emoasjes dy't der by hearre. Sjoch, as in lyts doarp twa goede jongeskeatsers hat, dy't nei de Freule kinne, dan is it probleem net sa grut. Dan giet it der allinnich noch om wa't as balkearder mei giet. Mar it kin ek samar wêze dat der fjouwer goeien binne. Dan ûntstiet der spanning en ha je spul. In kommisje fan wize hearen moat dan it lêste wurd sprekke. En wat as it bestjoer in oar partoer op it each hat as de coach? Dan ferpoft de coach it en docht der gjin inkeld partoer mei. Sa'n tariedingsproses is op himsels al teater. By ús wie de kwestje wa't mei moast as balkearder. Der is doe hiel bewust foar Paulus Zijlstra keazen, om't dat in lyts, wetterfluch jonkje wie, dat it publyk achter him krije koe. Dat is ek bard.'

### **Piken en dalen**

'Winne of ferlieze, dêr draait it om. Datselde jildt ek foar it teaterfak. Op- en delgong. Men stiet boppe op in hege berch, en ier of let kin men der ôfkukelje. Hoe giet in spiler dêrmei om? Wat, as er net mear de favoryt is dy't it publyk altyd yn him sjoen hat? Kin er op it hichtepunt ophâlde, of wol er ek de ôfgong meimeitsje? Ynteressant binne net de spilers dy't egaal presteare, sûnder ups en downs, minsken dus dy't mei beide fuotten yn 'e maatskiplike grûn stean. Nee, se moatte in bytsje beskeadige wêze, in konflikt yn harsels ha dat op in stuit ta

útbarsting komt. Minsken dy't hege piken ha en djippe dalen. Dan krijst teater dêr't de taskôger him oan spiegelje kin, dat kin him ynsjoch en ferdjipping jaan.'

De namme fan Hotze Schuil falt. 'Ja', realisearret Romke him, 'as we wat fierder yn 'e tiid binne, lient it libben fan Hotze him foar dramatisearring.' Mar der sitte mear aspekten oan it keatsen dy't meitsje dat nei de musical 'Kening op sokken' de sport nochris teatraal ferbylde wurdt, al moat der foar de foarbylden dan faaks mear te seil gien wurde op it ferline as op it hjoed. 'In teaterfoarstelling, mar ek in keatspartij, is pas slagge as jo jo fernuverje kinne. Oer in tuskenynse dy't net te slaan is bygelyks, in fiere boppeslach of in triktrakbal. Moai is om te sjen hoe't guon posysje kieze by it tuskenspul. Se antisipearje op de ballen dy't útslein wurde. Dat is ynsjoch. Mear as op 'e trainingen haw ik destiids in hiel protte leard fan de ferhalen dy't Sip Oosterhoff, ús 'keatsûnderwizer', en Pier Santema, de heit fan Tinus en Piet, fertelden. Dat wiene ferhalen dy't my rekken.'

'It is foar in taskôger moai mei as er in favoryt hat. Wat mear jo jo dêrmei identifisearje kinne, wat yntinsearje jo it spul belibje. Keatsers as Hotze Schuil en Johannes Brandsma spilen dêrop yn, dat wiene akteurs, dy't men in seker showelemint net ûntsizze koe. Mar dat elemint is alhiel nei de achtergrûn rekke. Sokken as Meindert van der Weerd hongen de komediant út. Oaren yntimidearren op beslissende stuiten de karmaster, lykas Jannes Paassen, dy't achter yn it perk net by in bal koe, mei syn brede rêch foar de karmaster stean gong en doe raasde fan: 'Bûten, of net, karmaster?' De man spriek him net tsjin. Beslis-

singen fan karmasters kinne út soarte ta teatrale mominten fan opsternatens liede. Dan komme de emoasjes los, by de keatsers dy't har troch sokke yn har eagen foute beslissingen kwetst of ûnrjochtfeardich behannele fiele, en by it publyk, dat noch tiden praat hat. Sokke mominten toane skerp it teater fan it libben.'

As dat allegear ôfwêzich is, lykas dy sneons yn Morra, dan is it keatsen in flakke fertoeaning, foar de taskôgers in reden om de ôflieding wat faker te sykjen yn in slach om it fjild.

Oars, dat gauris pratende rûntsjerinnen is ek in net te missen ûnderdiel fan it teaterspektakel neffens Romke: 'By oare sporten komt sa'n wize fan sosjaal ferkear net foar.'

Pieter de Groot.